

Fryske Krite Hoarn “Troch de Tael Forboun”

Ynhâld

Maart 2025

Beste kriteleden en freonen	2/3
Yn memoriam	4
Boeketafel	5
Ferslach Nijjiers stampopotbuffet	6/7
Útnoeging foar de Grutte Jûn	8/9
Ferslach fan de lêzing oer Nepal	10/11/12
Ledeberjochten	12/13
Wurklist	13
Frysk folkslied	14
Stripferhaal	15
Bestjoer Fryske Krite Hoarn	16

KvK. Nummer: 5324 1274

Rabobank rekken: NL 54 RABO 0162 2705 77

Lid fan It Frysk Boun om Utens

www.fryskbutenfryslan.frl

Bêste kriteleden, freonen en stipers.

Alwer it lêste kritekrantsje fan dit seizoen. En ek ús lêste joun komt der wer oan op 22 maart.

Wylst ik dit sit to skriuwen, slacht de rein tsjin de rúten. Hwat in ferskil mei it winterske waer ferline wike. It waer is hurd hinne en wer. Sa is it soms ek mei de minsken. It komt dochs altiid wer oars.



Hwat hawwe wy, as kriteleden, gesellich mei elkoar stampptot iten op sneon 11 jannewaris. In ferslachje sjogge jimme yn it boekje. Ek ús lytse joun op 14 febr., mei as sprekker Tjeerd Dijkstra, wie tige slagge.

Dat binne dan samar wer moaie tiden, wer mei elkoar oer neipraet wurd. Sa geane wy no op nei ús lêste grutte kritejoun op 22 maart. It is alwer in oantal jierren lyn, dat" It Hantumer Ploechje" by ús spile hat. Mar se hawwe no wer in fleurich stik en wy sjogge der nei út.

It bestjoer fan de Fryske Krite "Troch de Tael Forboun"noeget jimme út op 22 maart yn de Huesmolen te Hoarn, om 20.00 ûre begjinne wy.

Nim in gast mei, dat jout noch mear wille.

Der is ek in fertrietlik berjocht. Us trou lid Tiny Hemke is yn de âldens fan 85 jier ferstoarn. Leden en bestjoer winskje har man Henk, bern en bernsbern moed om fierder te gean. In oantinken stiet earne oars yn it krantsje

It bestjoer is alwer drok yn it spier foar it seizoen 2025/2026.
De nije data foar ús jounen steane yn it boekje.
Set se mar gau op de kalinder. Ek dan hoopje wy wer op jimme
kommen en stipe. It is krekt noch gjin maert, dochs winskje ik
jimme allegearre in moaie maitiid en in goede simmer.

Oeral is wolris swierrichheit en binne der fertrietlike
omstannichheden. Jow it troch oan it bestjoer, dan komt der grif
in kaertsje. Wy libje mei ús leden mei. En fansels as der hwat te
fieren is wolle wy it ek graech hearre.

Ut namme fan it bestjoer, foar eltsenien in waarme groet fan de
foarsitter.

Folle groetnis

Tiny Dijkstra de Vries

**Los fan ús sjarme,
ús grapkes, ús
noflike karakter en
dat hearlike
gemoedelijke tink ik
dochts dat de
nuchterheid fan ús
❤️ **Friezen** ❤️
ús bêste kwaliteit is.**

Foar altyd
ôfskie nimme
it docht sa
sear.
Dy wat
freegje,
it kin net
mear.
Dyn dwaen
en wêzen,
wy ferjitte
it net.

Oantinken oan Tiny Hemke Couperus.

Op 30 jannewaris is ús trou lid ,Tiny Hemke forstoarn. Hja mocht 85 jier wurde.

Tiny hat folle foar de krite "Troch de Tael Forboun" bestjitten. Foaral as spylster fan ús kritoaniël hat se har spoaren fertsjinne.

Tiny is berne yn Boazum en gong as beukerjuf nei Apeldoorn. Der spile se ek by de fryske krite. Se learde de opticien Henk Hemke út Berkhout kinnen. Nei forrin fan tiid kochten se in optiek oan it Breed yn Hoorn.

Tiny gong by de krite en fansels by it kritoaniël. In protte stikken hat se foar ús op de planken set mei Sjoerdsje Slange, Hiele en Maaïke Dijkstra, Douwe Hoekstra en Harmen Dijkstra, de lettere regisseur.

En fansels spilen der folle mear, troch al dy jierren hinne, mei. Hwat in protte wille hat dat joun. It kritoaniël hat noch nei Kanada west om dêr foar de Fryske kriteren to spyljen.

Ek hat Tiny in kear de priis krigen foar de bêste froulju'srol fan de fryske kriteren om útsens mei in toanielploech.

Mar der kamen gjin jonge minsken by it kritoaniël en it hold op te bestean. Spitich, mar it koe net oars.

Tiny en Henk kamen altyd op ús jounen. Mar op it lêst koe it net mear.

Se krigen in moai appartament yn Avenhorn. Mar Tiny moast nei Warm Tuis yn Grosthuizen. En dêr is hja forstoarn.

As krite binne wy Tiny tankber foar al dy prachtige jounen dy't sy, mei al dy oare spilers, oan ús en folle oare kriteren besorgje hat.

Tiny Dijkstra

De Boeketafel



Op de grutte jûnen stiet de boeketafel altyd foar yn de seal. Der lizze in protte moaie, soms sels nije Fryske boeken op. Foar mar € 1,00 kinne jo in boek meinimme. Fansels meie jo ek mear donearje. Jo dogge it jild yn 'e bus op e tafel. Wy neame de bus de leaf- en leedpot.

De opbringst wurdt brûkt om Krite-leden dy't it nedich hawwe in 'hert ûnder de riem te stekken' troch in kaartsje te stjoeren. As jo it boek lêzen hawwe, kinne jo it ek werom sette, sadat in oar it nochris lêze kin. Op dizze manier hâlde wy it bedrach yn de leaf en leedpot op peil.

Op de Kritejûn kinne jo allinich mei contant jild betelje.

Oan de bar kinne jo wol betelje mei 'pin'.



Stampopot buffet op 11 jannewaris 2025

It wurd hieltyd dreger om in gaadlike en betelbere toanielploech te finen om in stik op te fieren foar ús krite. Sa wie it foar it bestjoer in probleem om foar de jûn yn jannewaris wat te regeljen. Dus wat sille wy dizze kear dwaan? It idee kaam nei foaren om in stampopotbuffet te organisearjen: in nijjersbuffet, mei oare wurden.

De fraach wie oft dêr genôch niget foar wêze soe. Yn it kritekrantsje stie de meidieling fan ús foarsitter:

"Dit is wat nijs, in moai momint om inoar wer te moetsjen, no by in drankje en in lekker miel iten."

Op 11 jannewaris wie it safier. Yn de Huesmolen wiene 27 minsken oanwêzich.

Nei in wolkomstwurd fan Tiny Dijkstra ha wy proast op it nije jier.

Mei de alderbeste winsken.

De tafels wiene fersierd mei moaie kreative blomstikjes, fersoarge troch Dini Boonstra.

It buffet stie op in lange tafel mei twa soarten stampopôt: hutspôt en boerekoal, mei in grut stik woarst en in poerbêste gehakbal en lekkere sjeu.

Ek is der rekken hâlden mei net-fleiskiters.

It iten wie hearlik en der wie mear as genôch.



Alles wie goed fersoarge troch eetcafe De Steiger yn Medemblik.
De drank foarôf en in bakje kofje of tee dêrnei kaam út de kas fan de krite.

En last but not least: Foar in spotpriis!

Hulde oan it bestjoer dat sy dit mooglik makke ha.

Al mei al wie it in noflike gearkomst. De minsken dêr't wy mei praten ha, wiene optein! Wy hearden dat der neat mis wie. En de muoite wurdich om te herheljen!

Wy fûnen it aardich om mear tiid te hawwen om mei elkoar te praten.

Dat wy sizze: takomme jier wer!

Jan en Janny Meines

Wat seinen se by jim thûs, op de fraach 'Mem, wat krije wy jûn fan iten'?



- "Stront mei stjintsjes".....
- "Stek yn é bek en fret op".....
- Of in het Nederlands "Hussen met je neus er tussen"

.....

Útnoeging foar de Grutte Jûn

Op 22 maart 2025

IT HANTUMER PLOECHJE SPILET:



Aaltsje Berepoot wol dit jier no ris net mei har man en harren karavan op fakânsje. Sadwaande hat sy in all-inclusive reis nei Egypte boekt, mar har Beant hat hjir alhiel gjin sin oan. Sy hawwe noch nooit flein en foaral Beant sjocht der as in berch tsjinoan om nei it waarme en sânlige Egypte te gean. It hotel is net wat sy derfan ferwachte hiene, mar Aaltsje fynt dat sy it bêste der mar fan meitsje moatte. Dan keapet Aaltsje fan in frjemde man in hiel âld byldsje fan in poes, mar oft dat no sa'n ferstannige oankeap wie.

Troch Nico Torrenga

Oerset troch Griet Reitsma – de Jong





It stik wurd spile op ús fertroude lokaasje yn

Wijkcentrum de Huesmolen.

Adres: de Huesmolen 60 1625 HZ Hoorn.

It begjint om 20.00 oere en de seal is iepen fan 19.30 oere ôf.

De tagongspriis is € 5,00 foar leden en € 12,50 foar net-leden.

Yn it skoft wurdt der in ferlotting hâlden. Altyd priis!

Spilers:

Hotelgasten:

Paul: Oane Sijens

Albert Liendenberg: Bjinse Lawerman

Laurette Liendenberg: Sjoukje Lawermann

Beant Berepoot: Klaas Jansma

Aaltsje Berepoot: Marieke Hoekstra

Reisleidster Nanet: Hinke Leistra

Dûanier: Jan de Wilde

Hoteleigener: Wybe Kuipers



Der binne sa'n 20 minsken nei de Huesmolen kaam om nei de tantesizzer fan de foarsitter te harkjen. Tjeerd Dijkstra fan Wommels is pensjonearre boer en wurket no inkelde jieren as frijwilliger by PUM.

PUM (Programma Uitzending Managers) is yn 1978 oprjochte troch VNO-NCW en it ministearje fan Bûtenlanske Saken. Ek it ministearje fan Ekonomyske Saken hat op dit stuit mei PUM te dwaen. De frijwilligers fan PUM binne sa tusken de 50 en 70 jier âld en ekspert yn harren fak. Hja wurde foar koart rinnende projekten útstjoerd nei tredde wrâld lânne.



Sa hat Tjeerd de lêste 3 jierren sa'n 3 moanne yn it jier yn Nepal west. Net 3 moanne efterinoar mar inkelde kearen in pear wike. Hy hat by ferskate boeren west. De earste tiid hieltyd by in boer apart, de lêste kearen by koöperaasjes fan boeren. De measte boeren ha in stik as fiif kij. In hiele grutte boer

hie sa'n 60 kij.

Ek hat er wol gearwurke mei in fee dokter. It doel fan it helpen fan de boeren is û.o. dat harren kij mear molke jouwe. Neffens Fryske kij jouwe de Nepaleeske kij mar in bytsje. Troch de kij mear wetter te jaen giet de molke produksje flink omheech. Ear't Tjeerd by de boeren kaam krigen de kij mar in ammerke wetter deis, no folle faker ien as mear amers wetter. Somtiids kinne hja de hiele dei wetter krije. Mar it wetter is betiiden ek krap. Yn 'e reintiid is it

drizich om 'e pleats mar yn 'e droege tiid is it ek mei rjocht droech. It greidlân liket net op it griene Fryslân. It gers liket wol op reid, sa toar, lang en brún is it. It is dan ek net nuver dat de Nepaleeske kij minder molke jouwe as de Fryske kij.

Troch it wetter yn 'e rein tiid op te heinen en te bewarjen is der ek wetter yn 'e droege tiid. Ek it regear is tige dwaande om it reinwetter op te heinen sadat der bûten de reintiid ek wetter is foar de boargers yn 'e stêden en doarpen. Ek leare de boeren oer it "droege stof gehalte" fan it "gers". Troch hjirre gebrûk fan te meitsjen kin de molke produksje ek ferbettere wurde.

Om it fruchtbere lân sa geunstich mooglik te brûken wurd de boeren leard om net allinne rys te teeljen mar earst rys en dan noch twa keer mais der efteroan op it selde stikje lân sadat jo no jiers treie kear rispje kinne.

By in oar projekt waard in bûthús boud. Dan is it tige wichtich dat de minsken wol begripe wat der ferteld wurd en dat de besifering en de boutekening klopje. By elk putsje is in goede tolk dan ek goud wurdich. Opfallend is hoefolle manlju op it bouplak steane te sjen! As er 1 man beton makket of oan it mitseljen is, steane der sa mar 5 manlju nei te sjen. Neffens Tjeerd is de kultuer dat manlju net te folle

wurkje en dat de frou in protte yn it spier is. Hy hie ek foto's fan in cursus foar boeren wer mear as de helte fan 'e dielnimmers frou is. Meastentiids waard der moarns teory joun en koene de minsken middeis it learde yn praktyk bringe.



Yn Nepal wurd in protte molke dronken. Hast elk doarp hat in "molke sintrum" dêr't de boeren de molke, dy't hja sels net brûke, hinne bringe. De molke wurd yn it "molke sintrum" yn plestiek pûdsjes dien, dy't nei gebrûk fuort dien wurde. Tjeerd is drok dwaande om flessen te brûken. Pûdsjes fan plestiek binne

makliker dan flessen, dy't de boer skjûn meitsje moat eart dy op en nij brûkt wurde kinne. Mar duorsum is it net.

Tjeerd is in smoute prater mei in protte moaie foto's dy't sjen litte hoe de boeren(boerinnen) yn Nepal wurkje.

It lêste kertier fan syn ferhaal hat Tjeerd foto's dyt yn in reisgids net misstean soene. Foto's en filmkes dyt er makke hat as er in pear dagen net frijwilliger by it PUM is, mar as fakânsjegonger fan de natuer en boukunst (timpels) genietet. Wat is Nepal (tusken Sina en India yn) in moai lân mei syn hege bergen (Himalaya), bosken en rivieren, skoandere Hindoe timpels, Boedistyske pagodes en freonlike minsken. Nepal is sa'n 5 x Nederlân mei sa 'n 35 miljoen ynwenners. In grut part fan de befolking wennet yn twa grutte steden.

It is al nei tsienen as Tjeerd ophâld mei fertellen.

De foarsitter betanket him foar syn ferhaal en oerlanget him in "Hoornse Broeder".

Wy ha een noflike jûn hawn.

Jan Vogel

Ledeberjochten

Nij lid wurde yn 2025?

Wat kriget men dêrfoar? De libbene krite **"Troch de Tael Forboun"** organisearret troch de jierren hinne in moai programma foar it winterskoft. In toanielstik, kabaret of in sprekker oer de Fryske kultuer of skiednis. Trije kear op sneontejûn. De leden binne grutsk op it yn stân hâlden fan de Fryske taal. Derom hoopje wy dat noch in tal minsken lid wurde. Wa nimt in freon of freondinne mei?

Lidmaatskip en tagongsprizen:

It lidmaatskip in 2025 foar ien persoan is €15,00 foar in hiel jier (It krite jier rint fan juny oant ein maaie).

Op de grutte jûnen is de tagongspriis foar leden €5,00 en foar net leden €12,50. De lytse jûn is fergees.

Opjefte foar it lidmaatskip kinne jo dwaan by de ponghâlder de hear P. Slange.

De sealpriis op de grutte jûnen:

Jo kinne dizze sealpriis winne as jo yn 'e seal sitte op ús grutte jûn. By de yngong krije jo in nûmer dat kâns jout op dizze sealpriis.

De ferlotting yn it skoft:

Yn it skoft fan de grutte jûnen wurdt der in ferlotting hâlden.

De prizen besteane meastentiids út in blomke, oranjekoeke, fleske wyn of oare aardichheden. Jo kinne yn it skoft lotten keapje foar €5.00 en dan krije jo 10 lotsjes. Altyd priis!

Autoferfier:

Leden dy't yn Hoarn, Blokker en Zwaag wenje en autoferfier nedich ha, kinne kontakt opnimme mei ús skriuwer de hear Vogel 0229 234012

Lief en Leed:

Lief en leed berjochten kinne jimme trochjaan oan ien fan 'e bestjoersleden.

De gearkomsten fan de krite wurde hâlden yn:

Wijkcentrum De Huesmolen,

De Huesmolen 60, 1625HZ Hoorn.

Tel: 0229-234390

De wurklist foar it kommende winterskoft 2025 - 2026

26 septimber 2025 algemiene ledegearkomste

25 oktober 2025 earste grutte jûn

2026 : data folgje noch

FRYSK FOLKSLIET

Frysk bloed tsjoch op! wol no ris brûze en siede.
En bûnzje troch ús ieren om!
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde.
It Fryske lân fol eare en rom.

Refrein: Klink dan en daverje fier yn it rûn.

Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Klink dan en daverje fier yn it rûn.

Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Trochloftich folk fan dize âlde namme,
Wêz jimmer op dyn âlders great!
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme,
In grien, in krêftich bloeijend leat!

Refrein: Klink dan en daverje fier yn it rûn.

Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Klink dan en daverje fier yn it rûn.

Dyn âlde eare, o Fryske grûn!



Ús Omke

Ús omke kocht op sneontejûn
noch in flesse Berenburg. Hy
stapte op é fyts en tocht as ik
no fal is dy flesse stikken. Dat is
dochs skande.....!


Hy stapte fan é fyts, pakte de
flesse en dronk de hiele flesse
leech.....! Dat wie mar goed ek,
want hy is dêrnei noch fiif keer
fallen.



Donald Duck



H2011-020



Bestjoer Fryske Krite Hoarn

Foarsitter: Tiny Dijkstra – de Vries
Till.: 0227-501050
e-mail: ak.dijkstra@quicknet.nl

Ponghâlder en Lede-administraasje: Popke Slange
Till.: 0229-234881
e-mail: p.slange@outlook.com

Skriuwer: Jan Vogel
Till.: 0229-234012
e-mail: yellowbirds53@gmail.com

Oare bestjoersleden: Renske Nauta-Haagsma
Till.: 0229-237267
e-mail: dirkrenske@gmail.com

Harmke Burggraaff – Adema
Till.: 06-30514660
e-mail: harmke.burggraaff@quicknet.nl

Eareleden: Popke Slange

Bank: NL54 RABO 0162 2705 77 Fryske Krite Hoarn

Redaksje Krantsje: Jan Vogel
Till.: 0229-234012
e-mail: yellowbirds53@gmail.com

Paul Burggraaff
Till.: 06-53211437
e-mail: pc.burggraaff@quicknet.nl